

Oprop foar de ferkiezing fan de leden fan de Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal op woansdei 22 novimber 2023

STIMPAS

Wannear kinne jo stimme?

Jo kinne stimme op woansdei 22 novimber 2023
fan 7.30 oant 21.00 oere.

Wêr kinne jo stimme?

Jo kinne mei dizze stimpas stimme yn alle stimlokalen
yn jo gemeente.

Stimlokaal by jo yn 'e buurt

Dy ynformaasje kinne jo fine op de webside fan jo gemeente of
kinne jo by jo gemeente opfreegje.

Wêr fine jo ynformaasje oer oare stimlokalen?

Dy ynformaasje kinne jo fine op de webside fan jo gemeente of
kinne jo by jo gemeente opfreegje.

Kontakgegevens gemeente

Hjir stean de kontaktgegevens fan jo gemeente.

Altyd meinimme as jo stimme sille:

- Dizze stimpas.
- Jo paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân.
De jildichheid fan dy dokuminten mei by it stimmen
maksimaal 5 jier ferrûn wêze.

Strikt persoanlik!

Dizze stimpas is allinnich jildich foar de adressearde.
Dizze pas is it bewiis dat jo stimme meie en is allinnich jildich
as jo namme en adres derop drukt stean.
Misbrûk fan dizze persoanlike stimpas is strafber.

Ferlies of skansearjen fan jo stimpas

Rekket de stimpas wei of skansearre, freegje dan in ferfangende stimpas oan by jo gemeente.

Dat kin skriftlik oant en mei freed 17 novimber 2023 of oan it loket oant tiisdei 21 novimber 2023, 12.00 oere.

Om te stimmen hawwe jo in identiteitsbewiis nedich

In identiteitsbewiis is in paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân. De jildichheid fan dy dokuminten mei by it stimmen maksimaal 5 jier ferrûn wêze. Op de dokuminten moat by "geldig tot" 23 novimber 2018 of in lettere datum stean.

Hawwe jo gjin identiteitsbewiis?

Freegje dan yntiids in identiteitsbewiis oan by jo gemeente. Kinne jo dat net, freegje dan in oare kiezer om foar jo te stimmen. Dat kin mei in skriftlike folmacht. Dy freegje jo oan by jo gemeente. Ynformearje by jo gemeente, of sjoch op de webside fan jo gemeente. Soargje dat jo oanfraach op syn lêst 17 novimber 2023 ûntfongen is troch jo gemeente.

Wolle jo in oare kiezer foar jo stimme litte?

Jo kinne dat op twa wizen dwaan:

1. Folje it folmachtbewiis hjirneist yn en jou dat - mei in kopy fan jo identiteitsbewiis – mei oan de kiezer dy't foar jo stimme sil. Tink derom! Dy folmacht kin allinnich ôfjûn wurde oan immen dy't yn deselde gemeente stimt as jo.

Of:

2. Freegje in skriftlike folmacht oan by jo gemeente. Ynformearje dêrnei by jo gemeente of sjoch op de webside fan jo gemeente. Soargje dat jo oanfraach op syn lêst freed 17 novimber 2023 ûntfongen is troch jo gemeente.

Wolle jo sels earne oars stimme?

Mei in kiezerspas kinne jo yn hiel Nederlân stimme.

Dy kiezerspas freegje jo oan by jo gemeente. Dat kin skriftlik oant en mei freed 17 novimber 2023 of oan it loket oant tiisdei 21 novimber 2023, 12.00 oere.

Tink derom! Jou dizze stimpas en in kopy fan jo identiteitsbewiis allinnich mei oan in oare persoan nei't it folmachtbewiis hjirûnder troch jo en jo folmachthawwer ynfolle en ûndertekene is.

FOLMACHTBEWIIS

Dit is myn stimpas (myn namme stiet op de foarkant). Ik stim net sels en machtigje in oare persoan (de folmachthawwer) om foar my te stimmen. Ik haw dy persoan dêr in kopy fan myn identiteitsbewiis foar jûn.

Myn hantekening

Ik machtigje de folgjende persoan om foar my te stimmen:

Namme fan de folmachthawwer:

Adres:

Wenplak:

Hantekening fan de folmachthawwer

As folmachthawwer moatte jo:

- de folmachtstim tagelyk útbringe mei jo eigen stim;
- in kopy fan it identiteitsbewiis meinimme fan dyjinge foar wa't jo stimme.

Tink derom! Jo meie by de Twadde Keamerferkiezingen foar maksimaal twa oare kiezers stimme.